

(Let op! tussen haakjes staat de tweede stem, indien geen vermelding dan volgt de tweede stem de melodie) == strak ~~~tremelo

INTRO

couplet 1: SEE, SEE DO WIDE SEE, WAT LEIST DÊR DRÔGJEND HI ~~ NNE,
WA SEIT, WAT ÛNK EN WEE YN DY BESLETEN BI == NNE!
MYN FEINT SA PRÛS, HY GYNG FAN HÛS, HY SOE SYN LOK
WOL FI == NE.
FOEL 'T SKIEDEN HURD, IK HIE SYN WURD: US SOE DE TROUBÂN
BI ~ NNE

>

SEE, SEE DO WIDE SEE, WAT LEIST DÊR DRÔGJEND HI ~~ NNE,
WA SEIT, WAT ÛNK EN WEE YN DY BESLETEN BI == NNE!

INTERMEZZO (NIET ZINGEN)

couplet 2: SEE, SEE DO STOERE SEE, WÊR MEI MYN FEINT DOCHS BLIU ~~ WE?
O, LIT OAN DE ÂLDE REE SYN BOAT DOCH BINNENDRIU == MAR HOE,
DYN BYLD WURD SWART EN WYLD. DO BROMST FAN LEED
EN LIJ == EN.
IK FIEL, IK SJOCH'T GJIN WILLE EN NOCHT IS MEAR FOAR MY
TE KRIJ~ EN

>

SEE, SEE, DO STOERE SEE, DO ROPST IT MY TEMJI ~~ TTE.
FAAM, FAAM DÊR OAN DE REE, DO MOATST DYN
FEINT FERJI == TTE.

INTERMEZZO (NIET ZINGEN)

couplet 3: SEE, SEE, SA WIF EN ROU, BERCHSTO HIM YN DYN SKE ~~ RTE,
IK HÂLD HIM, IVICH TROU, BESLETEN DJIP YN 'T HE == RTE.
DYN WEACHGEBRÛS, DYN STOARMGERÛS HEECH OER SYN HOLLE
RÔ == LET.
ALLYK DE SMERT DJIP ÚT MYN HERT YN WYLDE WEAGEN
WÂ ~~ LET. >
SEE, SEE, SA WIF EN ROU, BERCHSTO HIM YN DYN SKE ~~ RTE,
IK HÂLD HIM, IVICH TROU, BESLETEN DJIP YN 'T HE == RTE.

> = *opmaat*

